

FRYSLAN-A EKSAMEN
24 septimber 2016

III Staveringsopdracht

(45 min.)

A. Diktee (om ende by 15 minuten)

Nei ferwachting wurdt takom jier de earste holletransplantaasje útfierd. In Italiaanske neurosjirurch seit dat er hast de technyk ree hat om in holle op in oar lichem te pleatsen. De holle wurdt dan mei flymskerpe messen fan 'e romp skaat. Dy wurdt dan by in lege temperatuer yn libben holden en op in nije romp pleatst. De pasjint wurdt dan in moanne yn in keunstmjittige koma holden. Yn dy tiid kinne alle ferbiningen tusken holle en romp útgroeie. Romptransplantaasje is eins in better wurd, want it nije lichem wurdt bestjoerd troch de persoan dy't de holle leveret. De operaasje is mooglik in útkomst foar minsken dy't ferlamme binne of troch oare oarsaken de earms en skonken net mear brûke kinne. In tritichjierrige Rus hat himsels oanmeld om de gefaarlike operaasje as earste te ûndergean. Oft er de earste wurdt, is de fraach. Yn Sina binne se op it stuit der ek mei dwaande.

Ut: *It Nijs* fan 24 juny 2016 (*oanpast*)

FRYSLAN-A EKSAMEN
24 septimber 2016

III Staveringsopdracht

(45 min.)

De ûnderdielen B en C duorje mei-inoar om ende by 30 minuten.

B. Wat is goed? Skriuw allinnich it nûmer op en de letter foar it wurd dat goed stavere is. Mei-inoar 16 punten.

- | | | |
|---|---|--|
| 1. a. gêrsdroegerij
b. gjêsdrûgerij
c. gersdrûgerij | 7. a. oerémis
b. oeremis
c. ûrémis | 13. a. mouike
b. mwoike
c. muoike |
| 2. a. fuotbalutslaggen
b. fuotbalútslaggen
c. fuotbalútslagen | 8. a. televyzje
b. televysje
c. telefyzje | 14. a. boubedriuw
b. bouwbedriuw
c. boubedreau |
| 3. a. deeglik
b. deechlik
c. degelik | 9. a. parlementair
b. parlemintair
c. parlemintêr | 15. a. grûnverve
b. grûnferve
c. groenferve |
| 4. a. konklúsje
b. konkluzje
c. konklúzje | 10. a. gebieden
b. gebieten
c. gebiden | 16. a. stikum
b. stykum
c. stikem |
| 5. a. struktureel
b. struktuereel
c. struktueriel | 11. a. tegeare
b. tegjerre
c. tegearre | |
| 6. a. skjippewol
b. skieppewol
c. skiepowol | 12. a. musikaliteit
b. muzikaliteit
c. muzikalyteit | |

C. Ferbetterje de skriuwflaters yn de neikommende sinnen. Skriuw de hiele sin oer.

- Op 4 juni kuierden en draafden toezenen kleurig klaaide Frizen en Hollanners oer it asfalt of beton fan de Slachtedyk.
- Sa'n 15.000 meensken roenen sneon de 42 kilometer fan Easterbierum nei Raerd.
- De fiifde edisje fan de marathon wie streekrocht te folchjen by Omrop Fryslân.
- De Frieske televyzje filme byzûndere dielnemers en hie folop omtinken foar de prachtige gebieden dêr't de tocht trochhinne gie.
- Yn alle doarpen, by de folsleine route lâns, wie er genôch muzyk en ferdivedaazje.